

Formulier foar de fiering fan it Hillich Nachtmiel III

Gemeente fan ús Hear Jezus Kristus,

Ynstelling

It nachtmiel is troch ús Ferlosser sels ynsteld. Want de apostel Paulus leit út :

Sels haw ik by oerlevering fan de Hear ûntfongen, wat ik jimme wer trochjûn haw. De Hear Jezus naam yn 'e nacht, dat er oerlevere waard, brea; en nei't Er tanke hie, briek Er it brea en sei: Dit is myn lichem foar jimme. Doch dat ta in oantinken oan My. Allyksa naam Er ek de beker, nei it iten en sei: Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn bloed. Doch dat, sa faak jimme derút drinke, ta in oantinken oan My.

En Paulus ferfettet dan: *Want elke kear, dat jimme fan dit brea ite en út 'e beker drinke, ferkundigje jimme de dea fan de Hear, oant Er komt.* ¹

Kristus betinke

Harkjend nei dizze wurden fan ús Hear Jezus Kristus, steane wy der by stil dat hy troch syn Heit nei dizze wrâld stjoerd is ² en him foar ús, sûnders, oerlevere hat ³. Mei blydskip meitsje wy buorkundich dat syn dea ús it libben skinkt. Wy priizgje de leafde fan ús himelske Heit, dy't syn eigen Soan foar ús opoffere hat. ⁴

Wy tankje ús rêder, dy't as in goede hoeder syn libben joech foar syn skiep. ⁵

Wy bejubelje it grutte mystearje fan ús leauwe :

*Hy is ferskynd as minske
yn it gelyk steld troch de Geast,
is sjoen troch de ingelen,
ferkundige ûnder de heidenfolken,
leaud yn 'e wrâld
en opnommen yn hearlikheid.* ⁶

Bliid en tankber sille wy strak Kristus oan de tafel betinke dy't hy foar ús reemakke hat. Wy dogge dat yn it folle besef dat wy, troch ús sûnden, de dea noch elke dei oer ús ôfroppe. Wy ite strak brea dêr't wy gjin inkeld rjocht op hawwe, noch net op in krommel. Dat erkenne wy hjir yn 'e oanwêzichheid fan God. Ek fertsjinje wy gjin drip fan 'e wyn dy't wy strak drinke. Mar wy klamme ús fêst oan it ûnthjit fan God sels dat al ús sûnden ferjûn binne. Hy oanfurdiget it offer fan syn Soan Jezus Kristus as ôfbetelling fan ús skuld en sprekt ús frij. ⁷

Wy komme net oan it nachtmiel omdat wy dat út ússels wurdich binne. Jezus Kristus jout ús dit feestmiel. As earmen komme wy by de rynske jouwer, as sike lju by de dokter dy't genêzing skinkt, as skuldigen foar de rjochter dy't frijspraak jout, as deaden by him dy't libben makket. Wy hawwe neat yn ússels, mar alles yn Kristus.

Wannear't wy sa ite en drinke, makket Kristus ús wis fan syn leafde en trou. Wat hy ús troch dizze hillige symboalen sjen lit, jout hy ús echt. Hysels is foar ús it brea ⁸ dat libben jout. Alles dat hy fertsjinne hat troch syn lijen en stjernen, krije wy.

Ien wêze

Troch syn dea hat Kristus ek it rjocht krigen de libbenmeitsjende Geast oan ús te jaan. Troch dy Geast ferbynt hy ús oan himsels. Dêrom meie wy mei Paulus sizze: *Mei Kristus bin ik oan it krús slein, en sels libje ik net mear, mar it is Kristus dy't yn my libbet* ¹⁰.

Troch dy Geast lit hy ús fruchten groeie fan leauwe, hope en leafde. ¹¹

Troch dyselde Geast ferbynt Hy ús mei-inoar yn echte leafde as bruorren en susters, ¹², as dielen fan ien lichem. De apostel Paulus skriuwt nammentlik : *Om't it ien brea is binne wy, hoe machtich ek, ien lichem, want allegearre hawwe wy diel oan it iene* ¹³. Wy foarmje mei-inoar ien lichem om inoar yn leafde te tsjinjen. ¹⁴ Just oan de nachtmiel seit Kristus: *Dit draach Ik jimme op, dat jimme inoar leafhawwe sille, lykas Ik jimme leafhân haw.* ¹⁵

Ferwachtsje

Wy fiere it nachtmiel ek mei it each op 'e weromkomst fan Jezus. Paulus skriuwt : *Elke kear, dat jimme fan dit brea ite en út 'e beker drinke, ferkundigje jimme de dea fan de Hear, oant Er komt.* ¹⁶ By brea en beker ferhûgje wy ús der oer, dat wy diel hawwe oan it nije ferbûn, dat fêst leit yn it bloed fan Kristus. Wy tankje de Heit dat wy it gelok kenne meie, dêr't de profeten fan sprutsen hawwe en fiere de frede dy't troch ús Hear oanbrocht is. Tagelyks sjogge wy oan it nachtmiel út nei de swide ferskinning fan ús ferlosser nei de oerweldigjende blydskip, dy't Er ús tasein hat, nei de brulloft fan it Laam, dêr't hy de wyn mei ús nij drinke sil yn it keninkryk fan syn Heit. Dêrom fiere wy it nachtmiel mei grutte blydskip en bidde mei hiel de tsjerke fan God : *Maranata !* ²⁰ *Amen, kom, Hear Jezus.* ²¹

Bea

Barmhertige God, ús Heit, tankber betinke wy oan dit nachtmiel de bittere dea fan jo leave Soan Jezus Kristus, en wy bidde jo : stjoer ús jo libbenmeitsjende Geast, dat sadwaande wy fieden wurde mei Jezus Kristus sels, dy't it brea út 'e himel is dat ivich libben jout. Amen.

Liet

Opwekking en noeging

Sjoch net allinne nei brea en wyn. Sjoch omheech, nei Jezus Kristus, dy't oan 'e rjochterhân fan de Heit yn 'e himel sit. Kom allegear bliid en ienriedich oan de tafel fan jo Hear.

[*Alternatyf foar de Skotske fiering : Nim bliid en ienriedich diel oan it miel fan jo Hear.*]

Tankje Him foar de grutte leafde dy't Hy ús bewiisd hat, en bewarje it oantinken oan syn dea foar ivich yn jo hert. Sa sille jo mei de leafde foar God ferfolle wurde en ek oaren ta dy leafde bewege.

Fiering

By it brekken en útdielen fan it brea sprekt de foargonger :

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. Nim, yt, betink en leau, dat it lichem fan ús Hear Jezus Kristus jûn is om al ús sûnden folslein te fersoenen. ²²

En as hy de beker jout :

De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus. Nim, drink allegear dêr út, betink en leau, dat it kostbere bloed fan ús Heare Jezus Kristus fergetten is om al ús sûnden folslein te fersoenen. ²³

By de geande fiering kinne dizze wurden kombinearre wurde ta :

It brea dat wy brekke, makket ús ien mei it lichem fan Kristus. De beker mei wyn, dêr't wy God foar loovje en tankje, makket ús ien mei it bloed fan Kristus.

Nim dit brea en dizze beker, yt en drink, betink en leau dat ús Hear Jezus Kristus syn lichem en bloed jûn hat om al ús sûnden folslein te fersoenen.

Under de fiering kin lêzen, songen of musisearre wurde.

De fiering wurdt ôfsletten mei it sjongen fan in psalm of in gesang.

-
- 1 1 Kor 11 : 23 – 26,
 - 2 Joh 3 : 17,
 - 3 Gal 2 : 20,
 - 4 Rom 8 : 32,
 - 5 Joh 10 : 11,
 - 6 1 Tim 3 : 16
 - 7 Rom 4 : 4 – 8; 2 Kor 5 : 19,
 - 8 Joh 6 : 48,
 - 9 Joh 6 : 63; 2 Kor 3 : 6,
 - 10 Gal 2 : 19, 20,
 - 11 Gal 5 : 22, 23; 1 Kor 13 : 13,
 - 12 Mark 3 : 35,
 - 13 1 Kor 10 : 17,
 - 14 Gal 4 : 13
 - 15 Joh 15 : 12,
 - 16 1 Kor 11 : 26,
 - 17 luk 22 : 20,
 - 18 Iep 19 : 7,
 - 19 Mark 14 : 25,
 - 20 1 Kor 16 : 22,
 - 21 Iep 22 : 20,
 - 22 1 Kor 10 : 16; Matt 26 : 26; Luk 22 : 19; Gal 1 : 4,
 - 23 1 Kor 10 : 16; Matt 26 : 27, 28